

ZEP - - FBO7

ZEP - - Fryske Bibeloersetting 7

ZEP - Sefanja F6 (DdJ, ET) in Paratext gezet door BP 240406

Sefanja

1

¹ It boadskip fan de HEAR oan Sefanja, de soan fan Kûsjy, de soan fan Gedalja, de soan fan Amarja, de soan fan Hizkía, yn 'e dagen fan Josjía, de soan fan Amon, de kening fan Juda.

² Byinoar feie en fuortsmite fan 'e ierde sil ik alles wat libbet – útspraak fan de HEAR. ³ Fuort smyt ik minske en bist, de fûgels yn 'e loft en de fisken yn 'e see, dy't in stroffelstien waarden foar de goddeleazen. Ik sil de minsken fan 'e ierde reagje – útspraak fan de HEAR. ⁴ Hurd sil myn hân Juda reitsje, elkenien dy't yn Jeruzalim wennet. Ik sil útrûgje wat hjir noch oer is fan Baäl, de nammen fan it byldefolk mei dy fan 'e prysters, ⁵ dy't op it dak op 'e knibbels geane foar de stjerrehimel, dy't swarre by de HEAR én swarre by Milkom, ⁶ dy't de HEAR mei de nekke oansjogge, dy't de HEAR net socht en him noait wat frege hawwe.

⁷ Stil wêze foar God de HEAR!

Want de dei fan de HEAR is tichteby.

De HEAR hat in offerfeest taret;

dy't er dêrfoar roppen hat, hat er al hillige.

⁸ Op 'e dei fan it offerfeest foar de HEAR

sil ik ôfrekkenje mei notabelen en keningsoannen,

mei al dy lju dy't har klaaie as bûtenlanners.

⁹ Ofrekkenje sil ik dy deis mei al dy lju dy't oer de drompel hinne hippe,

mar it hûs fan har hear fol meitsje mei geweld en bedroch.

¹⁰ Op dy dei sil der klinke – útspraak fan de HEAR –

geraas út 'e Fiskpoarte,

gegûl út 'e Nijstêd,

in lûd oft alles ynstoart út de Heuvels.

¹¹ Gûl, jimme dy't yn 'e Fizebuorren wenje,

want alle hannelsfolk is útstoarn,

alle jildwagers binne útrûge.

¹² Yn dy tiid sykje ik Jeruzalim troch mei lampen

en rekkenje ik ôf mei manlju dy't like lodderich binne

as de wyn dêr't se sljocht op binne,

dy't by harsels sizze: de HEAR docht gjin goed en gjin kwea.

¹³ Har fermogen sil plondere wurde,

har huzen oan pún slein.

Se sille huzen bouwe, mar der net yn wenje,

wyngerds plantsje, mar der gjin wyn fan drinke.

¹⁴ Tichteby is de grutte dei fan de HEAR,
tichteby, hiel hurd komt er deroan.
Bitter is it lûd fan de dei fan de HEAR,
ek in held raast it dan út.

¹⁵ It is in dei fan grime, dy dei,
in dei fan ferskrikking en eangst,
in dei fan fernielen en ferneatigjen,
in dei fan neare tsjusternis,
in dei fan roetswarte wolken,

¹⁶ in dei fan rammehoarn en striidrop
tsjin stêden, hoe ûnnimber ek, en hoektuorren, hoe heech ek.

¹⁷ Ik bring de minsken yn it nau,
dat se omknoffelje as blinen,
want se binne tsjin de HEAR yn opstân kommen.
Har bloed wurdt stoart as stof,
har fleis as jarre.

¹⁸ Noch har sulver noch har goud kin har rêde
op de dei fan de grime fan de HEAR,
as de hiele ierde opgiet yn it fjoer fan syn hertstocht.
Want hy makket in ôfgrysluk ein oan alle bewenners fan 'e ierde.

2

¹ Krij jimsels byinoar en set jim te skrep, folk sûnder skamte, ² foar't it fêststelde momint oanbrutsen is – in dei stoot ommers sa foarby, lykas tsjêf – foar't oer jim hinne komt de gleone grime fan de HEAR, foar't oer jim hinne komt dy dei fan de grime fan de HEAR. ³ Sykje de HEAR, jimme allegearre yn it lân dy't jim lyts witte en syn rjocht trou bliuwe, besykje earlik, besykje beskieden te wêzen, miskien sille jimme feilich wêze op 'e dei fan 'e grime fan de HEAR.

⁴ Gaza sil ferlitten wêze, Asjkelon wurdt jiskelân, Asjdod wurdt by dei in spûkstêd, Ekron wurdt fan it anker slein. ⁵ Wee jimme dy't wenje yn 'e krite by de see, folk fan Kreta, de HEAR hat it tsjin jimme. Kanaän, lân fan de Filistinen, ik sil dy fergrieme, dat der gjinien mear wennet. ⁶ De krite by de see sil weidlân fan hoeders wurde mei skuorren foar de skiep. ⁷ Foar wat der oer is fan it hûs Juda sil dy krite wêze. Dêr sille se weidzje, yn 'e huzen fan Asjkelon sille se har jûns deljaan. Want de HEAR, har God, sil nei har omsjen en har libben oer alle boegen te'n goede keare.

⁸ Ik haw it pochen fan Moab heard en it blazen fan de Ammoniten, hoe't se myn folk bespot en syn gebiet bemachtige hawwe. ⁹ Dêrom, sa wier as ik libje – útspraak fan de HEAR fan 'e legermachten, de God fan Israel – Moab sil wurde as Sodom en de Ammoniten as Gomorra, in

stikelfjild, in sâltput, in keale flakte foar altiten. It oerbliuwsel fan myn folk sil har plonderje, it oerskot fan myn folk har lân yn besit nimme.¹⁰ Dat komt der no fan har heechhertigens; se hawwe bespot, de baas spile oer it folk fan de HEAR fan de legermachten.¹¹ Skriklik is de HEAR foar har, alle goaden fan 'e ierde lit er weitarre, dat alle kustfolken moatte foar him op 'e knibbels, elk op syn eigen stee.

¹² Jimme ek, folk fan Nûbië, myn swurd sil jimme* trochstekke.

¹³ Syn hân sil ek it Noarden reitsje, Assyrië fergrieme
en fan Ninevé in keale flakte meitsje, drûch as de woestyn.

¹⁴ Keppels sille har yn 'e stêd deljaan, alderhande bisten út it fjild,
Pelikaan en stikelbaarch oernachtsje tusken de pilasters,
in stim sjongt troch it finster, in raven* sit op 'e drompel,
want de sederhouten lûken binne derfoar wei*.

¹⁵ Dat is no dy fleurige stêd, dy't der sa wis en fêst hinne lei,
dy't by himsels sei: 'Ik en fierders neat'.

Och hea, in keale flakte is er wurden, in plak dêr't wylde bisten har deljouwe,
Elkenien dy't der lânskomt, fluitet him út en wiuwt him nei.

3

¹ Wee de dwerse, de besmoarge, de gewelddiedige stêd.

² Gjin stim hat er nei harke, gjin warskôging hat er oannommen,
fertrouwe op de HEAR hat er net dien, ticht by syn God libje allikemin.

³ Syn notabelen hawwe brinzgjende liuwen west
syn rjochters wolven by jûn, dy't har proai skjien opfretten hawwe foar't it moarntiid is.

⁴ Syn profeten hawwe brutale bedragers west,
syn prysters hawwe it hillige ûntwijd en har plicht fersake.

⁵ De HEAR is yn syn fermidden, hy is rjochtfearnich, hy docht gjin ûnrjocht,
moarn op moarn sprekt er rjocht, as it ljocht wurdt, mist er noait.
Mar in ferkeardenien wit fan gjin skamte.

⁶ Folken haw ik útrûge, har hoektuorren ferneatige,
har stegen haw ik oan pún slein, net ien komt der noch troch,
har stêden haw ik ferdien, gjin mins dy't der noch wennet.

⁷ Ik sei noch wol: 'Haw ûntsach foar my en nim myn warskôging oan',
dan wie syn wenning net fernield en wiene him al dy straffen besparre,

***(2:12)** Hebriuwsk: har

***(2:14)** Sa mei de âlde Grykske en Latynske oersetting

***(2:14)** It Hebriuwsk is hjir ûndúdlik

mar nee, witoegau wie harren hiele dwaan en litten alwer bedoarn.

⁸ Wachtsje mar – útspraak fan de HEAR – wachtsje op de dei dat ik oereinkom om it pleit te besljochtsjen,

want myn beslút sil wêze folken byinoar te feien, keninkriken gear te bringen
en myn flok oer harren út te stoarten, al myn gleone grime,
want de hiele ierde giet op yn it fjoer fan myn hertstocht.

⁹ Dan sil ik de folken oare lippen jaan, reine lippen,
dat se allegearre de namme fan de HEAR oanroppe
en him ienriedich tsjinje.

¹⁰ Fan oare kant de rivieren fan Nûbië komme myn ferearders
en sille myn ballingen my offers bringe.

¹¹ Dy deis hoechst dy net te skamjen foar alles dêr'tst my mei ôffoelst,
want dan sil ik út jim fermidden de útskroevene opswetsers fuortdwaan
en do silst net langer eigenwiis wêze op myn hillige berch.

¹² Ik sil yn jim fermidden in folk oerlitte dat lytsman is en neatich,
dat taflecht siket by de namme fan de HEAR.

¹³ Wat oer is fan Israel sil gjin ûnrjocht dwaan en gjin leagens fertelle,
yn har mûle sil gjin ferrifeljende tonge fûn wurde.
Ja, sy sille weidzje en har deljaan sûnder dat ien har skrikke lit.

¹⁴ Jubelje, dochter Sion,
joechei it út, Israel,
wês bliid, wês fleurich mei dyn hiele hert, dochter Jeruzalim.

¹⁵ De HEAR hat dyn fûnis ferneatige,
dyn fijannen út 'e wei romme.

De HEAR, de kening fan Israel, is yn dyn fermidden,
do hoechst net bang mear te wêzen foar watfoar kwea ek.

¹⁶ Dy deis sil der tsjin Jeruzalim sein wurde:
'Wês net bang, Sion, lit de moedfearren net hingje.'

¹⁷ De HEAR, dyn God, is yn dyn fermidden, in held dy't rêding bringt.
Hy sil o sa wiis mei dy wêze,
yn syn leafde sil er swije,
mei in freugderop oer dy jubelje.

¹⁸ Wa't fertriet hawwe, fier fan it feest, helje ik derby.
Sy hearre ek by dy en lije ûnder de skande*.

¹⁹ Tink der mar goed om, yn dy tiid pak ik al dyn ûnderdrukkers oan,
ik sil rêde dy't kreupel rinne en teplak bringe dy't ferlern wiene,
dy't oer de hiele wrâld te skande stiene, oerlaad ik mei eare en rom.

²⁰ Yn dy tiid lit ik jim hjir wer hinnekomme,

* (3:18) It Hebriuwsk fan dit fers is ûndúdlik.

dat wurdt it momint dat ik jimme teplak bring.

Ja, ik soargje derfoar dat alle folken fan 'e ierde jim romje en earje.

Mei eigen eagen sille jim sjen hoe't ik jim libben oer alle boegen te'n goede kear, seit de
HEAR.